

column

nico minnema
*selstannich ûndernimmer
 successie natoersaken*

POLDERHOOFDKANAAL, reservaat foar snotkrobber en platboaiems

It driget wer aardich út 'e klauwen te rinnen mei de saak rûnom it wer befarber meitsjen fan it Polderhoofdkanaal tusken De Feanhoop en Nij Beets. Oan de iene kant de gemeente, ûndernimmers en guon bewenners fan de doarpen. Oan de oare kant de Fryske Feriening fan Fjildbiology (FFF), guon oare bewenners en de Fryske Milieufederaasje. Oant safier neat oan 'e hân. In goeie saak dat der foar- en tsjinstanners binne by nije plannen. Op dizze wize wurdt eltsenien skerp hâlden en kin faaks in goeie ôfwaging makke wurde op grûn fan foar- en neidielen fan de plannen. Mar wat as de perioade fan diskusje en oerlis net goed genôch brûkt wurdt? Tsjja, dan is der altyd noch de Rie fan Steate dy har ljocht hjiroer skine litte mei. Ek dêr is neat mis mei en bard ek faker dan ien kear. It wurdt wat oars as der ûnder politieke druk fan 'deadlines' fan Europeeske subsydzjeregels al mei de útfiering begûn wurdt wylst de lêste wurden noch net sprutsen binne.

Dizze situaasje hawwe wy by it Polderhoofdkanaal. It wurk wie al dwaande. De earste skea-claims fan ûndernimmers binne al útsprutsen. De FFF en bewenners krigen úteinlik dochs gelyk by de Ljouwter rjochtbank en it wurk waard stillein. In protestaksje yn Nij Beets folge en de FFF kriget it stimpel fan milieuekstremisten. En begryplik wurdt dizze situaasje fansels breed en net altiden sekuer útmjitten yn de Fryske media, mar kriget neffens my mear omtinken dan it heal ôfboude âldereinhûs yn St. Anne. Foar saken dy't net trochgeane as gefolch fan natoer- en milieuregels is om de ien as oare reden mear media-omtinken dan foar saken dy't stillein wurde as gefolch fan oare rigeljouwing.



Spandoek fan foarstanner fan it wer iepenjen fan it 'Polderhoofdkanaal' yn De Feanhoop.

*foto:
 Romke Kleefstra*

Dochs wurdt natoer- en milieuwetjouwing mear en mear serieuus naam. At wy bygelyks sjogge dat yn de auto-ynustry Mercedes en BMW lytse automerken opkeapje (Smart en Mini) om mear te dwaan oan harren ynbring yn de CO₂-útstjit. Want de kommende 'slurptax' soe harren oansjen mei allinnich grutte 'bakken' net goed dwaan. Fjirder fine wy it bêst dat der ferskate diken binne foar in ferskaat oan ferkear en wurdt der in soad lâns autodiken dien om foar te

kommen dat 'r te folle fûgels en bisten op 'e diken omkomme. Ek fynt eltsenien it begryplik dat net eltsenien samar yn 'e berm sitten giet te skiten. Mar op it wetter is dat noch altiden oars. Jo meie yn de farwei om raak skite en pisje. Jo meie hast mei alles wat farre kin oeral komme wêr wetter leit. Der wurd ek net sjoen nei de neadsaak fan de pk's fan de boaten en de foarm en djippte dêrfan, wat ek útmakket hoefolle brânstof de boat ferbrûkt en faaks in spoar fan fernielings efter lit ûnder wetter. Ek al witte wy dat wetter de earste libbensneedsaak is fan alles wat libbet op dizze wrâld, der wurd eins nea neffens hannele. Wylst der by de ûntwikkeling fan auto's al folle mear gebrûk makke wurd fan de kennis op it mêd fan de 'aerodynamica', by boaten is dat noch hast net it gefal. En as it wol dien wurd, wurd dat dien om hurder te kinnen en net om minder brânstof te ferbrûken. Nee, boaten moatte tsjintwurdich foaral grut, heech, wyt, mei in soad 'bling-bling' en in heech macho-gehalte hawwe. It moat goed stean oan de steiger by it hûs oan it wetter.

Neffens my is 't net frjemd dat der minsken binne dy't harren fersetste tsjin en likk meitsje oer dizze fertutearzing op it wetter. Neffens my binne sy ek net sa sear tsjin op in foarm fan iepenstelling fan it Polderhoofdkanaal, mar sy wolle gewoan net dat dêrmei wichtige natoerwearden ferdwine sille. Mar troch dat it wurk al losgong wie en no de finansjele konsekwinsje op de eftergrûn bot meispilet, sitte sy wat frjemd mei twa fuotten yn ien hoas.



It 'Polderhoofdkanaal' by De Feanhoop

foto: Romke Kleefstra

Somtiden liket in oplossing fier fuort, seker as jo wol begryp hawwe foar beide siden fan it ferhaal. Mar in praktyske oplossing is faaks de bêste. En dy leit neffens my dan net yn it 'wol as net iepen', mar yn 'wol iepen, mar net foar alles'. Natoer en it befarber wêzen fan wetters kin best mei inoander tegearre gean, mar dan moatte jo der gjin skerpe en grutte jachten yn jeie, mar boaten mei 'ûnderwetterskippen' sa as eartiids. Net foar neat dat der doe allinnich mar platboaiems yn it Lege Midden fearen. Jo hiene minder pk's nedich en der waard eins neat fernield. Dêrom, wat my oanbelanget, mei it Polderhoofdkanaal iepen en noch folle mear âlde opfearten, mar dan allinnich foar boaten en boatsjes dy't dêr hearre en neat ferniele. En it leafst at sy ek noch allinnich op 't seil as op elektro farre. In moaie kâns foar de Fryske ûndernimmers dy't no harren elektroboatsjes besykje te sliten yn de eastbloklannen wêr dizze foarm fan sonering al hiel gewoan is. No hjirre noch.